

16-3-92

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

16e jiergong "It Skieppesturtsje" Nû. 3. 7. '92

REDAKSJE : Ineke Feenstra-Sijbesma tel. 9277
Sytske Dijkstra-Bouwhuis tel. 2968
Richtje Speerstra-Bakker tel. 2635
Phün van den Berg-Blokker tel. 4056
Gerben Wijnja tel. 9348

Typewurk : Gjettje Dijkstra-van der Veen
Stencilwurk: Redaksje

Omslach: Albert van Lingen jr. , Wergea

Redaksje-adres: Ineke Feenstra, Singel 2,
8765 LL Tsjerkwert.

Bankrelaasje: Rabobank Bolsward; gironr. 85.68.29
t.n.v. Rabobank Bolsward rekno.
3087.56.800 t.g.v. It Skieppesturt-
sje, Tsjerkwert.



Voorwoord.

Beste dorpsgenoten,

Voor velen zullen de komende weken een tijd worden van uitrusten en vakantie houden, een heerlijk vooruitzicht.

Het gras is gemaaid en droog binnen, de kuilbulten met de nodige autobanden erop liggen weer klaar voor de komende winter. Examens en overgangstentamens zijn achter de rug en bij dit alles het prachtige weer van de maanden mei en juni.

Voor degenen, die geslaagd zijn in de afgelopen periode : van harte gefeliciteerd!

Hoe druk we allemaal zijn en waren met ons leven van alle dag, we zitten hier in ons kleine kikkerlandje toch maar op rozen. We mogen ons druk maken en harrewarren over allerlei kleine en grote dingen, vergeleken bij al die mensen in sommige delen van Europa, die zo in de moeilijkheden zitten, dat wij

er ons geen voorstelling van kunnen maken, is het ondanks alles een voorrecht om hier te kunnen wonen.

Wat gebeurt er de laatste tijd zoal in Tjerkwerd? Er kwam een nieuw schoolhoofd, Henk van der Zee, die we van harte welkom heten. We wensen hem veel succes met het werk, dit geldt uiteraard ook voor meester Steen.

Iedereen is alweer in aktie voor het komende dorpsfeest, als deze Skieppesturt verschijnt zijn die festiviteiten vermoedelijk al achter de rug.

We geven daar natuurlijk uitgebreid verslag van in het volgende krantje. Nog even terugdenkende tropische avond was geen onverdeeld succes, vanwege kortsluiting moest de life-muziek uitvallen wat jammer was, maar gelukkig waren er geen persoonlijke ongelukken.

Op dit moment zijn de barricades van de vrachtwagenchauffeurs in Frankrijk in volle gang, waarvan niet alleen de Fransen de dupe worden. Hopelijk duurt dit niet al te lang en kan er gauw weer getourd worden van noord naar zuid, van zuid naar noord.

Maar waar U ook naar toe gaat deze zomer, wij wensen U allen een heerlijke vakantie en wat de thuisblijvers betreft in huis en hof valt er gelukkig ook veel te genieten.

Tot de volgende keer,

Phün.

Kopie inleveren vóór 1 september.



Berichten van de Dorpsomroeper.

De laatste dag van de april-
maand ook hier een oranje-feest.
In ons dorp werd niemand in de
adelstand verheven.

Ons huididge kabinet kent twee
gezichten, een groen gezicht als
het om milieuzaken gaat en in
geval van gederfde inkomsten
een met dollartekens in de
ogen.

Zelf ben ik het spoor van dit
kabinetsbeleid al lang kwijt!



Op zaterdag 2 mei liep ik wederom in de Gem.
West-Dongeradeel de Tulpenwandeltocht vanuit
Nes - Wierum - Oosternijkerk - Nes.
De afstand die ik liep bedroeg 10 km.
En... de wijnstok brengt meer druiven voort
wanneer hij jong is, doch betere wanneer hij
oud is!

In begin van de meimaand overleed geheel on-
verwacht mijn buurvrouw Grietje de Jong-Kuiper.
De verslagenheid in het dorp was dan ook groot.
Dat de God van de levenden en doden de Fam.
de Jong moge bijstaan en dat zij ook iets van
die goddelijke bijstand mogen (blijven) ervaren
in de mensen om hun heen.

Afsluitdijk.

Op 25 september 1933 gingen de eerste auto's
de oversteek maken. In de jaren daarna volgden
velen dat voorbeeld.

De route tussen het Noorden en Noord-Holland.
Maar ook vele toeristen kwamen het wonder van
de Zuiderzee bekijken. In 1961 b.v. bezochten
maar liefst 56.000 buitenlanders de Afsluitdijk!

Op de 21ste mei aan de Jousterperweg no.6 bleef de voordeur hetzelfde en de bewoners ook. Toch veranderde er iets Jelle en Nynke gingen trouwen!

Op de 27ste maakte ik een rondgang door Gorredijk. Een dag later ging onze plaatselijke Elfsteden-wandelaar Joop Nota langs ons dorp. De Dorpsomroeper liet hem en zijn medewandelaars de bel flink horen!!

Binnenkort begint de jaarlijkse uittocht van de vakantiegangers weer en een ieder wens ik dan ook veel vakantiegenoegens toe! En.... de vrienden die je in die tijd opdoet en vervolgens bijna nooit meer ziet is vandaar het voordeel dat het zulke goede vrienden blijven.

Om blij het leven door te treden heeft men grote schatten niet. Maar oog voor alle heerlijkheden die kosteloos de schepping biedt.

Wie de aarde bemint, de zee, de zon. Hem is de natuur een vreugdebron.

En wie nog mee wil doen en opgenomen wenst te worden in de vaart der volkeren oftewel de dorps-gemeenschap dient wel jaarlijks op vakantie te gaan en dan eigenlijk buiten onze landsgrenzen. Persoonlijk heb ik daar geen behoefte aan omreden dat ik in de zomermaanden in de regio en vaak ook daarbuiten bezig ben als omroeper in steden en dorpen.

De zomermaanden daarvan is het mooiste dat je de mensen in een vakantie-stemming aantreft.

De tijd dat alles weer begon te groeien en te bloeien deed mij denken aan de vroegere hooi-oogst, die meestal begon in de juni-maand. Toen men nog hield van hoeveelheid en lengte!

En aan hen die hun 25ste - 50ste en 45ste huwelijksjubileum vierden in de vroegere trouwmaand: Gedenk den weg dien u de Heere deze jaren geleid heeft.

Pinksterfeest 1992.

De dag daarvoor fietste ik de Mini-Elfstedentocht (40 km). Fietsfeest, de Elfstedentocht trok weer meer dan 14.000 pedaleurs die langs de Elf Steden fietsten. Zelf ging ik als zwartrijder (en dat was te zien) tot Franeker.

In Veenklooster en Wijnjewoude: diensten te Veld. En genoemde plaatsen hebben door de jaren heen dan ook een bekende klank gekregen in het hele Noorden en werden dan ook door duizenden bezocht!

En..... de Geest van Pinksteren reisde dan ook boven de kerkmuren uit! Roept uit aan alle stranden het Evangelie woord!

Op de 13de juni werd een droom werkelijkheid in het dorp Allingawier vanwege het muziek-concours: de deelnemende korpsen, een negental uit de Gem. Wûnseradiel, bezorgden meer dan 2000 bezoekers een onvergetelijke middag en avond. De schrijver van deze bijdrage stond er met appels en peren-bananen en sinaasappels te verkopen zoals vroeger. Al met al een dag om nimmer te vergeten!!



Vreugde in je werk mag nimmer teveel kosten, want dan zou men bezig zijn om goud voor koper te verruilen. Maar er zijn ook wel dagen dan denk ik: er mankeert iets aan mijn blikveld, dan is de horizon onjuist ingevuld. Maar.....als mijn geest weer eens overmoedig buiten de oevers van het bereikbare treedt, zie ik aan de horizon vele nieuwe vonsten! En die houdt u nog ten goede.

De meimaand breekt Warmterecord! 5 juni 25,3 mm neerslag.

Dorpencompetitie voetbal. Tjerkwerd werd ditmaal 2de. 21 juni de langste dag met de kortste nacht van de scheurkalender: Ons leven wordt doorkruist door het lot maar het wordt bestuurd door onze werkzaamheid en door ons karakter.

Einde juni. De zomermaand zorgt aan het slot voor de warmste dagen en wel met 27 tot 30 graden. In de voorzomer 23 dagen boven de 20 graden.

Ook de dorpsomroeper gaat al degenen die hun schooltas aan de vlaggenmast mochten hangen van harte geluk wensen. Maar..... ook evenzeer de jonge lieden die een teleurstelling hebben te verwerken sterkte toegewenst!

Waar ik aan toevoeg:

Bescherm jezelf niet met een schutting, maar omhein je liever met vrienden.

En geen straat te lang met een vriend naast je.

En.... de enige wijze om een vriend te hebben is er zelf een te zijn!

En een gelukkig mens voelt zich overal thuis!

En inspraak zonder inzicht leidt tot uitspraak zonder uitzicht!


Dorpsomroeper.

Opbrengst Astma Fonds f. 447,25.
Bedankt!

\$ \$

A simple line drawing of a house with a chimney emitting smoke. The house has a gabled roof, a chimney on the left side, and several windows. Smoke is shown rising from the chimney. The drawing is located in the bottom right corner of the page.

Fam A Feenstra
Ysqumerweg 6A
8764 PS
Oedgum



05157-9679

Fanút de redaksje waard ús frege om as nije doarpsbewenners in stikje te skriuwen foar it 'Skieppesturtsje'. En in Frysk doarp ferlangt soks yn it Frysk fansels, dat ochheden, ik ha earst mar ris in Akke Ratsma plaat opsetten. Mar sûnder gekheid, Stella hat yn de ôfrûne fjouwer wike likefolle Frysk praten as yn de fjouwer jier dêrfoar, dat dit stikje sil dan ek wol slagje.

Wy hawwe it tige goed nei it sin. It hûs is binnenyn lykas bûtenom mear dan rom genôch. Yn Snits wie de eftertún net folle grutter as in lekken, dat we witte eins net wat ús hjir oerkomt. Hast alle dagen ite wy bûtendoar, dat is te sizzen, yn'e tún fansels.

En Stella is ek noch net foar in sprút ûnwennich west, al spyt it har al in bytsje dat it 'Kopak'-winkeltsje fan 'e buert hjir yn Tsjerkwert gjin festiging hat, dochs alles went.. De beide âldste bern geane mei wille nei Juf Ella ta en it liket hast wol, dat ús Ruben fan twa en in heal allinnich mar thús komt om te iten en te sliepen.

En ek it lytste jonkje is al hielendal wend, om't hy skriemt hjir allikelûd as foar de ferfarderij (dat ha'k opsocht hear!).

Alle âlders, dy't ta ús wolkom in kadootsje of blomke joechen, wolle wy hjirby noch hertlik betankje. Wy hoopje op in moaie en noflike tiid hjir yn Tsjerkwert en ta beslút winskje wy alle doarpsgenoaten in sinniche fakânsje ta!



Henk en Stella,
Mark, Laura, Ruben
en Thomas van der Zee.

ATTENTIE

ATTENTIE

ATTENTIE

Stichting het Waltahuis organiseert op:

5 september een ROMMELMARKT

in "It Waltahûs", omdat de Stichting financiële steun nodig heeft.

Wilt u alvast spullen voor de rommelmarkt bewaren? We komen ze waarschijnlijk 1 of 2 weken vantevoren ophalen, maar u krijgt nog bericht hierover. Wie het niet zo lang kan opbergen kan Sjoerd Gaastra bellen, tel. 9517. Hij haalt het eventueel op.

Zijn er ook nog vrijwilligers voor die dag om te helpen? Graag melden bij Jeanet Volbeda, tel. 2450. Na 6 uur graag!

Alvast bedankt!



LEGGAST
TE KOOP

Het Bestuur.

Ek Feikje, Jildou, Paulus, Tineke, Pier-Jan,
Cor, Yme, Age, Ruurdje, Maaïke, Meine, Marijn,
Richtsje, Freya, Jitske, Noraly, Auke en Marieke

binne oan fakânsje ta!

It Pjuttehonk begjint wer op tiisdei 25 augustus.



Rixt.
tel: 2635

ROND DE WERELD

Beste Dorpsgenoten,

Mijn naam is Piet Boer. Ik ben de nieuwe bewoner van Baburen 19 en ik zal eens wat vertellen over mijzelf.

Ik ben geboren in Drachten, maar opgegroeid in IJlst. Daar heb ik gewoond tot 1979, toen ben ik naar Israël gegaan. Daar heb ik gewoond op Nes Amin, een christelijke kibboets; $4\frac{1}{2}$ jaar heb ik in Israël gewoond. In 1984 ben ik geëmigreerd naar Nieuw-Zeeland en na 4 jaar heb ik een wereldreis op de fiets gemaakt. Eerst door Australië, toen door China, Thailand, India, Nepal, Turkije, weer naar Israel, door Griekenland terug naar Nederland. Na een tijdje ben ik weer naar Nieuw-Zeeland gegaan en na 3 jaar ben ik weer op de fiets gestapt; dit keer door Alaska, Canada en Amerika. Zo'n 12.000 km. en vorig jaar september kwam ik weer in Nederland aan, waar ik vrij gauw werk vond. Ik werk nu bij een bouwbedrijf uit Leeuwarden, dat het werk overal in Nederland heeft.

Toen ik vast werk had, heb ik dit huis gekocht, waar ik nu in woon en ik heb het best naar mijn zin hier! Goede burens en een mooi uitzicht.

Ik ga in Bolsward naar de kerk.

Ik heb veel gezien van de wereld en ook veel armoede gezien en ik ben God dankbaar dat Hij mij altijd heeft gespaard en gedragen tijdens die reizen en dat ik mocht genieten van Zijn mooie schepping vooral in Nepal en Alaska.

Ik hoop hier nog lang en gelukkig te wonen!



Piet Boer.

Bydragen binne kommen fan:

J. Witteveen, Waltawei; Frou D. Bakker-de Jong,
Arkum; H. Kooyenga, Waltawei; M. Huitema,
Jousterperwei; H. de Groot, Sylroede; S. Postma,
Arkum; Mej. A. de Haan, Boalsert; H. de Haan,
Boalsert; J. Nota, Waltawei; Tsj. Galama, Himdyk;
Frou A. Walsma-de Boer, Boalsert; R. de Jong,
Tsjerkestrjitte.

ús hertlike tank.

oproep

oproep

oproep

oproep

oproep

In september begint er op maandagavond in Parrega
een cusus EHBO-voor-beginners.

Is dat wat voor u of jou?

Vervoer is geen probleem!!!

Hoe belangrijk is EHBO (eerste hulp bij ongelukken)?
De meeste ongelukken gebeuren nog steeds in en
om huis.

En wat is het fijn om iemand te kunnen helpen op
je werk, thuis of onderweg.

Niet alleen levensreddende handelingen leer je
op de cursus, maar ook verschillende verbanden
of iemand gerust stellen.

Bij bepaalde beroepen wordt er steeds vaker een
ehbo-diploma vereist en vanaf 16 jaar mag je
examen doen.

Heb je belangstelling of wil je meer inlichtingen,
bel dan 9393 of 2308.

In afwachting,
Het Bestuur.

Boargerlike stân:

*

Bliid binne wy mei de berte fan dit famke
dat oan ús tabetroud is.
Wy neame har

Nynke Ytsje

Sieko en Geartsje Postma-Krikke

14 juny 1992

Arkumerleane 3
8765 PB Tsjerkwert

Efkes op besite, lit dit ús earst efkes witte.



- * Feest op Jousterp, want op 21 maaie trouden
Jelle Feenstra en Nynke Lammers.
Lokwinske.
- * Op 26 maaie wiene Hylke en ús redaksjelid Ineke
Feenstra-Sybesma 25 jier troud. Wy winskje harren
noch folle sûne en lokkige jierren ta.
- * Op 5 maaie is op de leeftiid fan noch nar 53 jier
tige hastich ferstoarn frou Griet de Jong-Kuiper.
Koart hjirnei ferhuze Germ de Jong nei de Lemmer.
Wy winskje Germ dêr folle sterkte ta, sa ek de
famylje.
- * Op 10 juny is ús âld-doarpsgenoat Wiebe de Vries
op 63-jierrige leeftiid yn Heerde ferstoarn.
We winskje frou de Vries sterkte ta!
- * Ek is der in ein kommen oan it libben fan ús
âld-doarpsgenoate Geertje Reidsma-Bakker.
Sy is 65 jier wurden. Us meilibjen mei har bern!



UT 'E ALDE DOAZE

Yn it earste nûmer fan dit jier printten wy wat âlde adfer-
tinsjes ôf dy't doarpsomrôpper Schakel ús takomme liet.
It liket ús aardich om út en troch ris in âld kranteknip-
sel of sa op te nimmen. It moat fansels wol gean oer Tsjerkwert
en omkriten. It sil ús nij dwaan. It seit himsels dat jo it
knipsel of wat it ek mar is wer werom krije. Wy meitsje der
allinne in kopy fan. Op nei de âlde skuondoaze dus!

Toltarieven.

As buertskip: Rytseterp, Jousterp en 'e fan
Panhuyswei, kamen wy yn 'e simmer 1987 faak
byelkoar om in wein te meitsjen foar de optocht.
Us wein bylde út: de Tolhikke.


Omdat op it Tolhûs de toltarieven stiene, ha
wy ynformaasje frege oan 'e gemeente Warkum oer
dizze tarieven.

Wy krigen doe in kopy tastjoerd, dy't wy jimme
ek graach lêze litte wolle.

Tarief van tolheffing aan het 2^e
of Ferkrueder tolhuis op den weg
van Wookum naar Bolsward.

1. Een een persoon te voet gaande 3 1/2 Cent
2. Een een wagen, met een paard bespannen, zonder onderscheid hoeveel personen die bevat 15 "
3. Met twee paarden 20 "
4. Met meerdere paarden of van een gekoppelde wagens, van ieder paard of wagen 5 "
5. Een een Chais of tilbury met een paard 8 "
6. Met twee paarden 12 "
7. Een een arreslede 10 "
8. Een persoon te paard 8 "
9. Een een paard of hoe per stuk 5 "
10. Voor varkens, halveren, schapen, varkens, lokken, geiten, ezels, per stuk 2 1/2 "
11. Voor lammeren en biggen per stuk 1 1/2 "
12. Een een vaarttuig, waarvoor de weg gebruikt wordt, hoe weinig ook, om te trekken, beneden 7 ton 2 1/2 "
- Boven 7 en beneden 25 ton 5 "
- Boven 25 ton 10 "
- Bovendien den gewonen tol voor personen en paarden tot trekken gebragt.
13. Een vaartuigen, langs den weg door een paard of paarden getrokken, zal ieder persoon, daarin of toebehoorende uitgezonderd den schipper, diens gezin en knechts, betalen den gewonen tol.
14. Vaartuigen, langs den weg getrokken, zal voor het daarin zich bevindende veed worden betaald den gewonen tol.
15. Een voorwerpen, in het tarief niet genoemd, aan het tolhuis na te zien, wordt

KLEURPLAAT



Bericht van dorpsbelang Tjerkwerd e.o..

Zoals u waarschijnlijk wel opgemerkt zult hebben is het wandelpad nu helemaal gereed. Wij als dorpsbelang willen het hierbij niet laten, vandaar dat we binnenkort het wandelpad feestelijk willen openen. Tezijnertijd krijgt u een uitnodiging.

Tot slot graag uw aandacht nog even voor het volgende:

Er wordt de laatste tijd veel hinder ondervonden op het sportveld van hondepoep.

Dit is een onhygiënische situatie, vooral omdat er de laatste tijd weer volop gesport wordt.

We doen een dringend beroep op hondenbezitters zélf de behoefte van hun hond op te ruimen.

Wij hopen op uw medewerking.



Beste allemaal,

Dit keer voor jullie ook weer een bladzijde in de "Skieppesturt".

Zo als jullie zien een kleurplaat voor de kleintjes en een puzzel voor de groten.

Het is misschien wel leuk om je daar op een regenachtige dag mee bezig te houden.

Natuurlijk hopen we op mooi weer en veel zon, maar een enkele regendag er tussendoor is soms ook best gezellig.

Succes ermee en voor jullie allemaal: een heerlijke vakantie!


Tot de volgende keer en je weet wie de mooiste kleurplaat instuurt krijgt een prijsje.

Redactie.

PUZZEL

KRUISWOORDPUZZEL.

HORIZONTALAAL



1 MEISJESNAAM.

6 HOOFDEKSEL.

10 VLUCHT

13 INSEKT

14 BERGPLAATS

15 VOGEL

16 EUROPEAAN

17 JONG DIER.

19 BEEST

21 MEISJESNAAM.

23 PERS. V.N.W.

24 HEDEN

25 BLOEIWIJZE

26 ONDERRICHT

27 DIERENTUIN

29 WENK

31 DEEL V.D. BYBEL

33 FRISDRANK

37 ZOKMIDDEL
OP SCHEPEN.

38 AARDAPPEL.

VERTICAAL

2 DAAIGREI

3 NUMMER (AFK)

4 LUCHT

5 TELWOORD

7 VOORZETSEL

8 BOOM

9 BLOEM

11 DIERENGELUID

12 DWAAS.

18 ERGERNIS

20 BOOM

22 BIOSKOOP (AFK)

27 AFZONDERLYK

20 SOORT GODSDIENST

30 PERS. V.N.W.

34 OF DIERGELYKE (AFK)

35 WINTERS VOERTUIG.

36 VOORZETSEL

39 LENGTEMAAT (AFK)

BYLANS DE TREKFEART

bydragen oer minsken en dingen út Tsjerkwert en omkriten
troch Gerben Wijnja

4

*** TRIJE TSJERKEKOARLEDEN UNDERSKIEDEN ***

Strieljend spriedt de sinne syn jûnssimmerglâns oer de huzen bylâns de trekfeart. In sêft wyntsje streaket de golfkes op it wetter. De wettertoeristen ha mei harren boatsjes min ofte mear besit nommen fan ús trekfeart, mar dat deart ús neat: it jout folop ferdivedaasje en dat makket it wenjen hjir ek sa oantreklik. As wy de jûns by frou Gietema op besite binne, komt dit al gau op it aljemint. Haije Kooijenga en Binkje Kuipers sitte der ek by. Mar leafst 35 jier ha dizze minsken by it tsjerkekoar sitten, op 21 maaie binne se der foar ûnderskieden troch de Koninklijke Christelijke Zangersbond. Yn It Reade Hynder te Wommels krigen de beide froulju in sulveren kettinkje mei hinger wylst der foar Haije in spjeld foar op 'e strik wie. Boppedat hearde der noch in sertifikaat by. In petear mei dizze entûsjaste koarleafhawwers.

De oergong fan it besjongen fan de skientme fan ús krite (Binkje: "It is hjir prachtich! Dêr hoecht men net foar nei it bûtenlân en yn 'e stêden is 't oars net as stiennen en minsken") nei dy fan it sjongen yn't koar liket grut mar dochs falt dat ek wol ta. Us haadrolspilers sitte al rillegau op 'e praatstoel en it sil nimmen ferbaze dat Binkje hjirby faak it wurd hat. Sy hat trouwens ek it langst fan allegearre songen. Foardat ik tsjerkekoar Tjerkwerd-Dedgum oprjochte waard, hie Binkje al yn in mingd koar songen. Yn de ôfrûne perioade hat se 12½ jier skathâldster west. Dochts hat se miend dat der no in ein oan komme moast: "Er zijn tijden van komen en gaan, ik wie altiten in trou lid, 'k ha mei nocht en wille songen, 'k sil it misse en ik winskje dat it koar ek noch lang bestean bliuwe mei", deklamearre se suver.

En stikjes opsizze of sjonge dat koe se, witte de oaren noch. "Och ja, op 'e fergaderingen brocht ik mei Bart Speerstra wol stikjes nei foaren en ik leau, dan laken se faak mear om my as om it stikje".

"Nee hear", falle Akke en Haije har yn koar yn 'e mûle, "dy âlde stikjes wienen sa moai!"

Dy jiergearkomsten skine trouwens altiten in tige noflik en smout karakter te hawwen: sa ha de koarleden op in jûn alris mei feesthuodsjes om 'e tafel sitten, der waarden wol spultsjes dien en boppedat waard der folop praten, want nijs is der altiten!

De sjongjûn troch de wike wurdt ek beskôge as in útsje, mar yn it skoft sitte mánlju en froulju dan fan inoar skieden. "It duorret in kertierke, mar jo witte wol hoe't dat giet, it rint gau út en gjinien dy't dat slim fynt", lit Haije witte. De rippetysjes yn it Waltahûs waarden ek bûtendoar wol heard want der stie wolris ien foar de finsters te harkjen, witte ús pommeranten.

Wylst wy besykje alles sa goed mooglik op papier te krijen, jout Binkje út en troch opmerkingen yn 'e trant fan "dat moatte jo net ferjitte yn 't krantsje te setten." Sa fynt sy it bygelyks sa spitich dat Akke Wyngaarden net yn it feest diele koe: "Op fjouwer moanne nei hie se de 35 jier ek helle, se wie der mei hert en siel by belutsen mar har stim liet it net mear ta. Begrutlik wie dat!"

Binkje is in echte Skieppesturt, hikke en tein, Akke komt oarspronklik fan Ysbrechtum, mar se gong yn Snits op skoalle en Haije is, sa't er dat sei, "Arumer van geboorte" en wol in hiel bysûndere want op syn bertekaartsje stiet net iens syn namme. "Ja, wol dy fan ús heit en mem fansels en fierder stie der "een welgeschapen zoon". Hoe kaam Haije eins by it koar? "No, dat siet sa. Se fregen leden, dat ik tocht ik moat der mar ris hinne. Ik kaam ek daliks yn it bestjoer. Ien perioade ha'k sekretaris west. Opmerklik wie it dat wy daliks sa meiinoar ien wiene en trou. It sjongen by de tsjinst fûnen wy ek sa moai. Ek kamen wy wol yn rêsthuzen en sa en ek ha wy wol te priissjongen west, mar dêr wie ik doe net by. Ik sil wol oan it wurk west ha."

"En wy sille ek wol net in priis wûn ha", laket Binkje.

Neffens de koarleden wie ~~Postma~~ Postma fan Snits doe dirigent; dêrfoar wie Abma fan Easthim it en Balt de Vries fan Kûbaard ha se ek hân. Dy kaam de jûns altiten op 'e fyts en by min waar brochten de mannen him mei de auto wer werom.

Binkje fertelt dat se ek wolris in dirigent op sicht hiene: "It moast fansels wol passe en al wie it wol in fleurige boel, lijn kaam der net yn."

"Nei al dyn wikselingen kaam Hoekstra", wit Akke, "en dêrnei Pilkers en no dus Jannie Veenstra-De Groot fan De Ryp. Sy wit it koar altyd wer opnij te stimulearjen dat wy binne tige wiis mei har."

Akke sit no $1\frac{1}{2}$ jier yn 't bestjoer as skathâldster. Yn de jierren dêrfoar hat se, bûten it sjongen om fansels, gjin funksje hân want sa seit se: "Ik hie eins genôch oan 't postkantoar. Ek al wie dat gjin drokke baan, je moasten der wol de hiele dei wêze. Doe't it kantoarke sletten wie, waard it ek o sa mist."

Binkje wol dan witte oft se nea benaud west hat "want je lêze wol fan dy rare dingen." Wis fan harsels docht se te witten dat se dêr gjin sprút lêst fan hân hat mar dat de bern wol bliid wiene dat it ôfrûn wie.

It hichtepunt

Wy fregen ek nei de saken dy't harren it bêst bybliuwe sille:

Binkje: "It lêste heucht it bêste: it jubileumkonsert fan 29 febrewaris, dat ha'k sa moai fûn. En sa'n ûnderskieding, dêr wurdt men suver wat oars fan. Geweldich! De oarkonde krijt in moai plakje yn in album. Ik hingje him net op want oars wurdt it by my krekt sa'n museum."

Akke: "It Krystfeest dat jierliks weromkeart fyn ik ek sa moai. Dêr libje ik alle jierren wer nei ta. As der net songen wurdt mei de Kryst dan mis je safolle. Froeger songen wy ek in soad by't oargel út de bondel fan Johannes de Heer. Dat wie ek sa prachtich." De ûnderskieding is foar har in grutte ear.

Haije: "Ik fûn de Krystkantate mei it koar fan Drylts hjir yn'e tsjerke it moaiste fan 'e ôfrûne tiid. En de oarkonde mei wol yn in listke. Dêr bin ik sa wiis mei. Foar it koar is it no fakânsje hê, mar ik kin jo wol sizze dat ik dan earst wol ûnwennich bin fan't koar."

Oer ien ding binne se it alle trije iens:

"Wy sjonge om't wy der fan hâlde en om't it sa gesellich is."

Boppedat wie it jubileumkonsert sa tige slagge.

Akke lit dan trochskimerje dat Binkje grif ûnwennich wurde sil, mar ta einbeslút fynt Binkje it in hiele ear dat se mei harren trijen no yn't Skieppesturtsje komme.

Dêr slute Akke en Haije harren yn koar by oan. It docht ús goed soks te hearen.



Lotten.

De lotten dy't jimme kocht ha fan 'e "Hanzeruiters"
kinne wer yn'e prullebak.

Spitigernôch binne der dizze kear gjin prizen yn
Tsjerkwert fallen. De útslach wie sa:

- | | | |
|----------|----------|--------------------------------|
| 1e priis | nr. 3647 | J. de Haan Boalsert |
| 2e ,, | nr. 4103 | H. de Vries 't Heidenskip |
| 3e ,, | nr. 2140 | H. bandet Snits |
| 4e ,, | nr. 3855 | Rehorst Boalsert |
| 5e ,, | nr. 4483 | Maaïke Lyck. à Nijeholt Wolsum |
| 6e ,, | nr. 1141 | De Haan Boalsert |
| 7e ,, | nr. 2503 | P. de Boer Wommels |
| 8e ,, | nr. 2009 | R. Wolters Den Horn |
| 9e ,, | nr. 3773 | Scheltinga Boalsert |
| 10e ,, | nr. 1670 | B. de Jong Blauhûs |

Eltsenien dy't lotten fan ûs kocht hat wolle wy hjir-
by betankje. Oan't sjen Anke M., Willy, Martine, Anke,
Sjoukje en Marijke.



" EENSGEZINDHEID "

Op 13 juny hat ús korps oan it muzykkonkoers-
âlde-styl, dat yn Allingawier holden is, meidien.
Dit konkoers wie organisearre troch it korps
"Concordia" fan Eksmoarre om't it 90 jier bestien
hie. Dit alles yn gearwurking mei Yde Schakel.
It gehiel waard bûten holden op it terrein foar
"de Izeren Ko" wer't de muzyktinte stie.
De bedoeling wie om it yn âlde styl te hâlden;
sa waard oan de dielnimmers frege om yn âlde klean
of unfoarm omstrings 1900 te ferskinen en ek muzyk
út dy perioade te spyljen.
Us foarsitster hat hast foar ek passende klean fûn
en Okke Postma soe foar ferfier soarje oer it
wetter, mei pream of skûtsje.
Dit slagge net, mar doe kaam er op it idee om mei
hynder en wein te gean en sa kaam er by de famyljes
Joh. Bakker, Anne de Boer, Ule Haarsma en Yeb
Witteveen, dy't hjir spontaan oan mei wurkje woene.
Dit waard in prachtige reis foar Eensgezindheid!
Mei hynder en wein oer Beabuorren, by Joh. Bakker
lâns, dan in ein dwers troch it lân nei de Eksmoar-
sterdyk troch Eksmoarre nei Allingawier.
We kamen krekt foar de iepening it terrein op riden
wylst it Eksmoarster korps it Frysk folksliet spile.
Efkes letter kaam it Makkumer korps al spyljend
op de boat oan.
Wy wiene it fiifde korps dat spylje moast en dat
gyng bêst: mei 47 punten krèkt gjin earste priis,
mar we wiene ek de minsten net.
Dit kaam miskien ek troch ús findel-drager de hear
Freark Schakel, dy't dêr fruit stie te ferkeapjen.
De hiele dei wie der in soad publyk, ek mei troch
it moaie waar.
De jûns waard dizze prachtige dei ofsletten mei
in konsert fan it Frysk Fanfare Orkest û.l.f.
Jouke Hoekstra.

Evert Bakker.

AGINDA:

aandacht voor:



- 1 sept. :Kopy ynleverje
5 sept. :Rommelmerk
5 sept. :Wûnseradiel fytstocht.

Op zaterdag 5 september 1992 over de afstanden 100, 60 en 30 km. Startplaatsen Witmarsum (100, 60 en 30 km), Makkum (60 en 30 km) en bijna alle dorpen (30 km) van Wûnseradiel. Aanvang: 08.00, 09.00 en 13.00 uur.

- 9 sept. :Fuotbal om it kampioenskip fan Wûnseradiel.

Om het Kampioenschap van Wûnseradiel. Datum: woensdag 9 september 1992 te Witmarsum.

Aanvang: 13.30 uur.

Aanmelding ten gemeentehuiuze (A. Nauta).

Uitwijkdatum: woensdag 16 september 1992.

**Schooljeugd
Parrega en
Tjerkwerd
lopen voor Afrika**

De sponsorloop foar Afrika dy't holden is troch de skoallen fan Parregea en Tsjerkwert wie in great sukses. De opbringst wie f.6045,35.
Yn ien wurd: GEWELDICH!!!

SNYPSNAREN.

- *Op sneon 30 maaie ûntstie op'e ein fan 'e Waltawei in soarte fan Tsjerkwerter 'Vrijmarkt'. Ferskate bern hiene allerhande guod yn'e oanbieding. De bêste keap die Jelte Steur: hij kocht fân Folkert Hofstra in beurske foar fiif sinten. Doe't er dy iepen die, fûn Jelte yn in tear fan dy beurs in... dûbeltsje! Wat in keapman.
- *Witte jo wat in Belch yn Tsjerkwert siket? In tsjerkje mei mummys.
- *Op 30 maaie kamen de oldtimers yn in lang historysk lint troch Fryslân. Spitich fûnen wy it dat keazen wie foar it trajekt besiden de provinsjale dyk. Fanút Parregea wie it paed oer Dedzjum, Arkum en Tsjerkwert dochs folle moaier! Bernard Algra wist ús de reden op te jaan wêrom de âlde weinen de grutte dyk folgen: "och ju, as se hjir oer de Waltawei komme dan binne se op'e ein útinoar rattele!" Ja, it lêste wurd oer de minne tastân fan ús Waltawei, dy8t lykwols al wat ferbettere is oan 'e beide úteinen, sil hjirmei noch net sein wêze.
- *Der stiene 3 prachtich opmakke eigenbakte taarten klear foar Lolle syn jierdei. De katten koene lykwols net wachtsje oan de jierdei ta en priuwden al even foar. Allinne de boppekant mar, tochten se. Lolle lit him oars net sa gau de bûter fan de bôle ite.
- *De bern fan Walsma wûnen 7 horloazjes op'e kermis; Nelly nochris 5! As Bértus him no noch fersliept.....
- *Riekje fan Broer hat har hier ferve. Hokker kleur? Wat sil'k sizze..... Deselde kleur as it stek (Hek) fan de Hekkema's. Sa dúdlik?

*Korrupte praktiken.....

Us pleatselike feearts woe yn ien kear twa kontainers lege ha. Hoe losse jo sòks op, want yn it húshâldelik reglemint fan 'e gemeente stiet dat men per kear mar ien oanbiede meie.

De Hekkema's wiene mei fakânsje en harren kontainer stie klear om lege te wurden. Dêr lei dê kâns!

Buorman syn ôffal mar by dat fan him yn, de sticker derôf en de eigen sticker der op.

In pear kear skurf om je hinne sjen en dat barchje wie ek wer wosken.

*Bertus-Rinse hâld net fan kaarten stjoere fanôf syn staaazjeadressen. Dat wie de beide muoikes min nei't sin. Doe't B.R. lêstendeis nei Ruslân ôfreizge, krige er in al oan harren adressearde kaart mei, der moast allinne noch in Russyske postsegel op.

Dat it in kaart wie mei "Van harte gefeliciteerd" der op, koe neat skele, der wiene net oare.

It giet úteinliks om it gebaar no!



- *Feikje Hylkema (3) dielde mei dat heit en mem de baas binne. Sa te hearren hie se har der mar ûnder deljûn.
- *Sjoerd Gaastra wûn mei de ferlotting in lyts reiten kofferke. Bouwe Huitema even letter krèkt sa'n kofferke. Sjoerd krige fan globetrotter Bouwe te hearren dat sa'n kofferke tige noflik is foar op reis. Der kin in ûnderbroek en in toskeboarstel yn en mear ha je net nédich. No, Sjoerd sil hast nei Kanada. In weardefolle tip dus!
- *27 april feest op Ymswâlde, oeral flagen op'e pleats fanwege it 25-jierrich houliksfeest fan Jelle en Hinke. Dyselde deis komt de skeareslyp lâns en freget wêrom der flage wurdt. Phûn seit: "Willem-Alexander is vandaag jarig" en tinkt: "Diplomatyk antwurd, sa'n man komt miskien wol om yn te brekken as wy aanst mei de hiele buert oan'e taart sitte."
- *Paulus (3) hat, nei eigen sizzen, wolris jokte oan syn brillen....
- *It muzykfeest yn Allingawier klonk as in klok. It hynder fan Jehannes en Jehanne mocht der de hiele dei yn diele en smiet nei ôfrin in foaltsje dat klonk as in klok!
- *Thea G. hat nei in wike útpêbearjen dochs mar besluten de nije healsliten fyts te keapjen.
- *Renske Bakker moast blaze fanwege in alkoholkontrôle Fan skrik hie se gjin lucht. De plysjes joechen har efkes de tiid om op siken te kommen, mar dat holp neat. De skrik wie te grut en úteinliks ha se har gean litten. Wol om it sykheljen tinke Renske!

*De kat fan Freark en Wyp kaam thús mei in mol.
Earst der even mei boartsje, mar fuort mol.
Neffens de buorlju is der yn Wyp har blommetún be-
darre. It tillefoannûmer fan ús mollefanger is 9508.

*Okke Kade en Corry binne ferhuze. It went al wat.
Allinne dat dûsen, dat moat wenne. Sûnder it fan
elkoar te witten reizgen se beide noch nei de pleats
om harren dêr ôf te spielen.

*Ymswâlde hat ferkearsremjende maatregels nommen,
sûnder kosten. It idee komt fan De Volbeda's.
Gewoan twa auto's justjes in eintsje tsjinoerelkoar
op 'e dyk sette en de gang is aardich út it ferkear.
Ek in idee foar de Waltawei?

*Der wenje no 2 Pieten op Pytsepôle boer Piet en Piet
Boer.

*Kopy en snypsnaren foar 1 septimber.



